



# **Trije miljoen fuotstappen nei Sicylje**

**(Drie miljoen voetstappen)**

**Monolooch**

**troch**

**NHUNG DAM en KOOS TERPSTRA**

**Fryske oersetting troch**

**ANNEKE BURGY**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TRIJE MILJOEN FUOTSTAPPEN NEI SICYLJE – DRIE MILJOEN VOETSTAPPEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NHUNG DAM en KOOS TERPSTRA en vertaler: ANNEKE BURGY** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2022 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **1** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Telefoon (03)3.66.44.00,**  
**E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

**PERSOAN:**

Frou

**DEKOR:**

Op it toaniel stiet in barkruk op in kleed dat rûn is.

Achteryn in grut skerm, de hoarizon, dêr't dingen op projektearre  
wurde kinne

*(De ferteller (ik neam har Nynke) komt op, se hat riddersklean oan en  
hat in rēchsek by har*

*Op it toaniel stiet in barkruk op in kleed dat rûn is*

*Achter har in grut skerm, de hoarizon, dêr't dingen op projekteard  
wurde kinne*

*Se giet op de barkruk sitten*

*Set de rēchsek neist har oer de grûn*

*"meditaasjemuzyk' begjint*

*Nynke giet noflik sitten*

*Oer de bân hearre wy in stim (de stim fan Nynke)*

*Waarm, fol fan begryp, grôtfol wiisheid)*

*"Yn dizze meditaasje nim ik dy mei troch in reis  
dêr'tst dysels yn werom fine silst*

*Dyn kreativiteit ynsetst om dyn potinsje te finen  
Ien wurde mei wa ast sels bist*

*Lit ús begjinne"*

*(Nynke jout in seintsje oan de technyk*

*Op it skerm achter har ferskine rêstaande bylden*

*De stim giet fierder)*

*"Nim in noflike posysje yn*

*En lit de hannen op de knibbel rête*

*Sykhelje troch de noas*

*En út*

*Troch de mûle*

*Tink dy ris yn*

*Do sitst op it strân*

*It is jûn*

*De sinne sakket stadich yn it wetter*

*It sâñ is noch waarm*

*De golfkes litte harren súntsjes hearre*

*Der fljocht in kobbe yn de fierte*

*En do*

*Bin net yn tel*

*Hielendal net*

*Azemje yn*

*Azemje út*

*Elk is tsjin dy*

*Elk sjocht dwers troch dy hinne*

Azemje yn  
Azemje út  
Se ferachtsje dy  
Se berabje dy  
Se minachtsje dy

Azemje yn  
Azemje út

Do  
Bist  
In slet  
Elk wit it  
Meitsje kontakt mei de romte djip yn dy  
Dy leechte  
Do silst der neat fine  
Want der sit ek neat  
Folle plezier mei de safolste kutdei  
Yn dyn kutlibben  
Namasté

(*De oanwêzige Nynke seit meien ek “Namasté”*)

(*De muzyk stoppet, de bylden stopje. Nynke pakt har rêchsek*)

(*N.B. Nynke docht alle teksten útsein dêr’t it oars oanjûn is*)

Dizze tas hie ik altyd by my by it rinnen  
Dit is fan de frou dy’t ik oait wie  
Mei guod deryn fan de frou dy’t ik oait wie  
No, wat nimst mei ast oan it rinnen bist  
Ik naam yn alle gefallen mei  
Altyd  
Genôch wetter

(*Hellec út de rêchsek: bidon*)

Móatst drinken bliuwe  
Ik naam altyd dizze bidon mei  
Hoefolle soe it wêze, in heale liter

Ik naam ek altyd mei

(*Hellec út rêchsek: sinnebrânguod*)

De measte minsken wolle graach de oalje thús al smarre

Ik wit net oft jim it sjen kinne  
Mar ik ha der in soad skeinspruten by kriegen  
Dat haatsje ik  
Dus dan smar ik der ûnderweis ek noch in grutte klopper op  
Faktor 30

Ik naam ek altyd mei  
(*Hellet ut de rēchsek: telefoan*)

Myn telefoan  
Net omdat ik graach belje wol as ik rin, mar ik altyd de eangst ha  
dat ik it paad kwytreitsje en dan is it toch noflik dat ien fan google  
maps dy altyd wer thûs bringe kin

Ik hie – uh – dit hie ik ek altyd mei  
(*Hellet ut de rēchsek: SAS survivalgids*)

Wit net oft jim dy kinne  
Dit is de SAS survivalgids. Skreaun troch John Lofty Wiseman.  
Dat is in âld militêr. En doe't hy mei pensjoen wie hat hy in gids  
skreaun en it komt derop del

it is lyts, tindruk –

En it komt derop del

dat yn dizze gids stiet hoe't je as mins ûnder de meast ekstreme  
omstannichheden op alle mominten oerlibje kinne, dus ast no yn  
de jungle bist as op besnijde bergen, of ferdwaalt op de oseaan,  
hoe'tst as mins iten fine kinst, dysels warm hâldst, as dysels koel  
hâlde, hoe'tst yn de woestyn oerlibje kinst

Der steane ek hiele handige plaatsjes yn

Sjen oft ik gau wat fine kin

Hjir hoe'tst bygelyks in fal meitsje kinst om bisten te fangen om  
te iten

It lêst echt as in roman

Hoe'tst dan ek beien.... ooh sjoch hjir

(Se *lit it publyk de bledsiden sjen*)

bygelyks planten, wat dan fergiftich is en wat krekt net fergiftich  
is

En oh, it lêste haadstik is ek leuk, hoe'tst oerlibje kinst yn en  
rûnom dyn eigen hûs

Hat hy in hiel haadstik oan bestege

En der steane hiele praktyske tips yn

foar ast oan it rinnen bist

Bygelyks, no hjirre

(Se *lêst foar*)

“Wat te doen als je een beer tegenkomt”

Wit immen dat?

Hy seit

(Se *lést foar*)

“Als je een beer tegenkomt moet je zeker geen onverwachte bewegingen maken

Moet je zachtjes op hem influisteren

rustig achteruit lopen

zeker geen plotselinge bewegingen maken

achteruit lopen

en dán maken dat je wegkomt”

Mar hy seit ek dat der senario's binne datst oergean moatst op wat oars en dat moatst sels ynskatte, dat fyn ik it drege deroan

“Als je in de ogen van die beer kijkt en je ziet dit helpt niet, hij heeft echt honger, hij kan elk moment me bespringen, dan moet je overgaan op een andere strategie, dat moet je zelf inschatten en dan moet je namelijk op zoek gaan naar een hard of scherp voorwerp, bijvoorbeeld een steen en dan pak je dan die steen en die SMIJT je naar zijn hoofd, en dán maken dat je wegkomt” maar dat is echt in een uitzonderlijk geval en dan moet je dus zelf inschatten of je scenario A of scenario B inzet.

En dy John Loftus Wiseman dy seit, sjoch kinst dit hiele boekje fan begin oant it ein út de holle leare, knopen leare te lizzen, in iglo bouwe, stiet der ek allegear yn, dat kinst dy hielendal eigen meitsje, mar by eintsjebeslút giet it mar om ién ding

En ast dat net oan kinst dan kinst dit boekje krekt likegoed yn it jiskefet goaie

It giet by eintsjebeslút mar om ién ding en dat is nammentlik

De WOTL

Hy seit it giet om ién ding en dat is de WOTL

de Wille Om Te Libjen

Sa begjint it boekje ek

(Se *siket it op*)

Hy seit

(*Lést lûdop*)

“De wil om te leven houdt in dat u nooit opgeeft, Ongeacht de situatie, U moet weten dat er niets ter wereld is waar wij als mens niet tegen opgewassen zijn. Dat er geen plek ter wereld is waar wij niet kunnen overleven, Maar ...” Zegt hij, “Sommigen hebben nu eenmaal een sterkere wil dan anderen, maar gelukkig kan iedereen daaraan werken.”

No

Doe siet ik der net mear oer yn doe't ik it lies

Dizze hie ik ek altyd by my.

(*Helleit wat út de rēchsek wat wy net sjogge, tikket der mei har finger tsjinoan: Wy hearre it lûd fan in fytsbeltsje*)

Myn fytsbeltsje

Hy is ûnsichtber, mar dochs

Ast oan it kuierjen bist moatst goed op it gewicht passe

Watst sels meitôgje moatst

Ik hie ek, ik bin hiel bang dat ik ûnderweis in sûkerdip krij, dus ik soargje altyd dat ik wat te iten by my ha

En hjoed ha ik it ynpakt, aha, in Bounty

(*Helleit ut de rēchsek: Bounty*)

Foar de enerzjy. Dizze hat, even sjen, 340 kaloryen

Ik ha altyd sa'n rare gewoante alle kaloryen te tellen, alle kaloryen dy't ik binnen krij

Dan sit ik gewoan mei ien te praten, dan meitsje ik in rekkensomke, Bounty 340 kaloryen broadsje tsiis 170 kaloryen, sa'n optelsomke

Ik kin dy fertelle datst dêr behoarlik depressyf fan wurdst, dus ha ik der mar in gewoante fan makke om alle kaloryen op te tellen dy't ik ferbrân. Dat is wat yngewikkelder, seach ik in webside foar [www.kalorykalkulator.nl](http://www.kalorykalkulator.nl), super handich

Dan giest nei dy webside en dan typst gewoan in aktiviteit yn:

No, wy ha it hjoed oer rinnen

Dan sikest op: Wandelen

Ik rûn mei in gong fan sa'n 5 km yn it oere

En dan typst sa allegearre dinkjes yn

Geslacht, foar in frou is dat oars as foar in man

Geslacht: vrouw

Leeftijd: 35 jaar

Lengte: 1.64 m

Gewicht: 61 kilo

Relatiestatus: fucking alleen

Dan ferbrânst dus 338 kaloryen

hiel handich

Ik meitsje dan altyd sa'n begrutting yn myn holle, fan alles wat

deryn komt en wer út giet  
Mar goed, dat ik sa mei kaloryen dwaande bin  
Hoopje ik net dat jim tinke dat ik ien bin dy't altyd op dieet is  
Ik bin NOAIT op dieet, as soe ik it wolle, dat kin ik net iens, dêr  
ha ik de piid net foar

Ik kom út in famylje dêr't leafde mei iten sjen litten wurdt, noait  
mei in tút of in krûpke

Is dat wier wat ik sis  
Kloppet dat  
Efkes tinke  
Ja, dat kloppet

As ik fertrietlik wie wurde der altyd iten yngoad. Of sop, liters  
sop. En as ik it hielendal net mear sitten seach krike ik fan ús  
mem wolris in pear ekstra stikjes fleis en as it lytse gehaktblatsjes  
wiene, dan wie myn suske my altyd in slach foar en hie se al yn  
de mûle foar't ik yn de gaten hie dat it der lei... Dan wie it  
fjochtsjen om dy oaren. Sy hie se altyd, sy wie altyd de rapste  
fan ús beiden. Talint fan de famylje. De gehaktballe-keninginne  
sei ús heit altyd

(*Hellet út rēchsek: breapûde*)

In leech breapûdsje  
as ik ûnderweis in panykoanfal krike, as ik hyperfentilearje moat,  
hat ien my as tip jûn  
dan kinst sa hiel rêtstich yn dat pûdsje azemje  
dan kinst dysels wat delbêdzje  
It wie net sa dat der ien neist my rûn, ik rûn allinnich, dat der ien  
neist my rûn, dy't sei  
Nynke doch no even rêtstich, it is gewoan in panykoanfal, do bist  
gewoan oan it  
hyperfentilearjen, it is net echt, it sit yn dyn holle, dy demoanen  
besteane hielendal net, de  
wrâld fergiet net, bedarje no even wat, because you're whole,  
you're beautiful, you're perfect

(*Skoftsje stil*)

Sa'n ien wie der net dy't sokke dingen sei  
En dan is sa'n pûdsje ferrekte handich

En fierder hie ik ek by my

(*Hellet wat út de rēchsek wat wy net sjogge, tusken har fingers*)

Myn ego

(*Lit it neist har falle*

*pakt wer wat*)

Unwissichheid.

(*Lit it neist har falle*

*pakt wer wat*)

In stikje seksuele frustrasje

(*Lit it neist har falle*

*pakt wer wat*)

Noch in stikje ûnwissichheid

(*Lit it neist har falle*

*pakt wer wat*)

Brokje ferlittings-eangst

(*Lit it neist har falle*)

Dy dingen nimme eins mar in bytsje plak yn, mat se drukke wol  
hiel bot op dy

(*Pakt wer wat*)

Selsbegrutsjen

(*Pakt wer wat*)

Fertriet

(*Pakt wer wat*)

Misdield fiele. Ungeduld. Jaloerskens

(*Pakt wer wat*)

Iensemens

Want wêrom soest se thús litte

## DE ÂLDE FEANEN

Fan 18 maart ôf bin ik begûn te rinnen, ik hie gjin plannen

Ik luts de skuon oan, en rûn in rûntsje

En foar't ik it yn de gaten hie wie ik alle dagen oan it rinnen

dei yn dei út

rûn ik 7 dagen yn de wike, sa'n 20 km op in dei, rûntsjes yn de  
omkriten fan Earnewâld, waar as gjin waar

It wie sa midden maart

It begin fan dy koroana-perioade

Ik wit net wat jim dien ha yn dy beginperioade, fan dy koroana-  
tiden, dit is wat ik dien ha

It begin kin ik my no al hast net mear yn it sin bringe

fan d'iene op d'oare dei hienen wy swierrichheden, earst wie

alles GEWOAN en ynienen kamen wy yn in OARE wrâld  
Mochten we net mear fûstkje, net mear oankrûpe  
wie ik wol bliid mei  
ik wurd sawiesa ûngemaklik fan minsken dy't yn myn aura  
komme  
Safolle ûnwissens

Doe't wy yn de gaten kriegen dat wy te fier gong wienen mei de  
wrâld  
Loft wurde skjinner as ea  
Gjin fleantugen mear  
Dat wy wienen hoopfol dat dit in begjin wêze soe fan in soarte  
fan bewustwêzen

En it wie midden maart  
It is no folop simmer (*n.b. it seizoen neame dêr't de foarstelling  
yn sit*), mar dy maitiid dy't wy hân ha

Dy maitiid dy't sa ynienen kaam  
En ik rûn troch de Âlde Feanen ( útlizze dat it by Earnewâld leit)  
It hie al wiken net reind  
Knalgiel koalsied oant de kanten. Sa wielderich  
Oerfloed aan jong libben yn it lânskip  
Jonge lamkes. Jonge swanen  
De maitiid dy't sa kaam

Sa as dat giet ûnder it rinnen, dat je sa meänderjend troch it  
lânskip geane, sa gie it ek yn myn holle. Hie ik tinzen dy't alle  
kanten op gongen  
Fan it iene nei it oare. En wer werom

Seach nei in tiid fan fruchtberens, it nije begjin  
En tocht: wat kin Fryslân moai wêze  
In oaze

Giele bûterblommen yn de berm. Dy't sa glânzich yn de sinne  
stienien as soe der elke moarn ien komme dy't se mei bûter  
bestruts

Seach greidefûgels dy't loftgefjochten holden

Knapen fan karpers yn de sletten aan it paaien, ik hie tiid om stil

te stean en der nei te sjen  
Wanneer doch je soks no? Ha jim wolris paaiende karpers snoen?  
Dat giet mei in faasje... de skobben fleane der ôf  
wetter kringellet op, modderkolken. Ik tocht: dit is de SM fan de  
natuer

Der wienen boerespultjes dy't winkeltsje boartten. By in  
buorkerij hie in vrou rabarberjam  
Ferkocht se. Alle winkels wienen ticht, dus ik tocht, dan kin ik  
doch noch in bytsje shoppe  
Stie der sa'n potsje en dêr koest 5 euro yngoaie  
Dat giet dan allegearre op goed fertrouwen. 5 euro de pot  
best djoer eins

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**